

## Bea om Frede

Lit frede streame troch dyn hert,  
it strielje oer de fjilden.  
Lit frede sliepe yn dyn went,  
gjinien sil it ûntjilde.

Jou frede oer fan hân ta hân,  
fûleinich of ferstille.  
Dan sjongt it hert boppe ferstân  
en kinst dyn lêsten tille.

Winskje dyn neisten wis goeddei,  
in tiid om te ferdragen.  
Nûgje dyn fijân dat hy frij  
dy fûstket alle dagen

Wy bidde Jo wês elts no nei,  
ûntskuldigje de wrede.  
Ferjou de sûndners, wiis in wei,  
skink leafde en genede.

Dan binne hert en hân it iens  
ienriedich yn 'e rede.  
Dan wurdt de wrâld ta paradys  
en libje wy yn frede.

Wy freegje Jo om seine hjoed,  
om tekens op ús paden.  
Dan jout ús ynlik leauwe moed,  
sil elts Jo frede drage.

Tryntsje van der Veer

Eventúeel te sjongen op twa wizen út Wales: Caneuon Ffydd, tredde edysje 2017, de nûmers 144 (Trallwm; J. Ambrose Lloyd, 1815-1874/ William Williams, 1717-1791) en 200 (Oldenburg; J.S. Bach, 1685-1750/Elfed, 1860-1953)